



(Sj. side 241-243)

IN BERN IS US BERNE YN BETHLEHEM



KRYSTBOEK

GEARSTALD FAN

L. POST-BEUCKENS en E. S. DE JONG

Tekeningen fan H. POST



UTJOWERIJ Fa. A. J. OSINGA - BOALSERT - 1947

YNHALD

	side
Meditaesjes:	
Ds. J. T. Wiersma: It Krystboadskip	7
Ds. S. Wouda: Troch leauwe en hope ta oanbid- ding	13

Sketsen:

P. Akkerman: Yn it ljocht fan Bethlehem	19
R. Brolsma: Krysttiid op 'e heide	27
S. M. v. d. Galiën: Krystreize	33
E. S. de Jong: Utein	39
Doet Meulenaar: Krystfeest mei de siken	47
G. Mulder: Sinne yn 'e mist	55
Tiny Mulder: Eangje net	63
D. R. Sprik: Earste Krystdei yn it Konzen- tration-Lager	71
Tsjerk It Krystwûnder	77
A. M. Wybenga It Ungelok	83

Krystforhalen foar bern:

U. v. Houten: It Bern fan Bethlehem	97
P. Akkerman: Twa jonges op in hikke	107
Ypk f. d. Fear: 't Is ek foar Styntsje	117
S. M. v. d. Galiën: Dochs Krystfeest	125
Tet de Jager: Sake syn Krystfeest	133
E. S. de Jong: Dy iene eachopslach	141
P. de Jong: Sa earm en dochs sa ryk	147
T. Kingma: Doe't de Krystklok lette	157
Rina: Tytsje har Krystberntsje	163
R. S. Roorda: It Krystberntsje	167

Om foar to dragen:

J. Piebenga:	Broder syn Krystreis	179
J. Piebenga:	Krystjoun	183
Fedde Schurer:	De skeper	184
Fedde Schurer:	O Krystnacht	188
A. M. Wybenga:	De Krystroas	189
A. M. Wybenga:	De Stjer fan Bethlehem	193

Krystlieten:

Fedde Schurer:	Lofsang fan Maria	197
Fedde Schurer:	Lofsang fan Sacharias	199
Fedde Schurer:	Lofsang fan Simeon	201
Fedde Schurer:	Set yn	202
Bern Smilde:	Krystsang	203
A. M. Wybenga:	Yn 'e barre winter	205

Krystgedichten:

P. H. Akkerman:	Advent	209
P. H. Akkerman:	Krystbea	210
A. Deelstra:	Krystfeest 1945	211
T. de Jager:	Advent	212
I. de Jong:	Kryststimmen	213
Fedde Schurer:	Krystsang	216
Fedde Schurer:	Kyrie eleison	217
A. M. Wybenga:	Krysttiid	218

Liturgyen:

E. S. de Jong:	In Bern is ús berne	221
L. Post-Beuckens:	De förwachting fan Maria	228

By de Bylagen:

L. Post-Beuckens:	In Bern is ús berne yn Bethlehem	241
E. B. Bolkertsma:	Yggdrasil en it krús	243
Dr. A. Wassenbergh:	As de stiennen sprekke	244
Ynhâld		247

Krystteltsje út 'e foarige ieu

„Ek boadskip hjoed?” Sjoerd karrider komt by it hiem opstrampeljen.

„Jonge ja,” seit de boer dy't op 'e achterhússtrjitte tahâldt, „jo moatte mar efkes by de boerinne komme, hat se sein.”

Sjoerd nei de binhúsdoar.

Fuortdêrnei komt er werom; it sin stiet him goed, hy hat wer in flinke opdracht krige. Hy sjokselt wol de helte hurder as oars. Hwant der is hjoed hwat to forstriken. En de dagen binne koart, dan moat men jins trekken waernimme.

„Kâld, boer, nou?” ropt er yn 't foarbyrinnen.

„Ja, it is al hwat skrousk,” seit de boer en lûkt ris oan 'e skouders. Wilens sjocht boer Evelsma it bihindige mantsje efternei. Hwat is 't eigentlik in nuvere sjyksjok, dy hiele Sjoerd karrider, tinkt er. Hwat hie dat in stik oars kinnen mei dy man! Yn 't foarige eigen boer op 'e Swannepleats, jeije en rosse mei twa gleone hynders foar 't glêzen weintsje, toe mar, skep mar op, it koe net op, sa lekker wie it! Mar as it ek op koe yn dy minne tiden! Ja, man, hie doe de foet mar by de kûle hâlden! It skoandere jild, it wie der by 't skepfol útsmiten, en de hiele boel wie forslampampe.

En doe't er de saek troch de ruten smiten hie, hwerom woed er doe net nei goede rie harkje en wurd kastlein of forkeapje lotten fan 'e Grinzer hynstelotterij? Der wiene wol mear boeren fan syn kunde, dy't yn 'e nederklits rekke, mei sa'n saekje bigoun wiene en soks hie ek bileaven neat minder west as de buorkerij yn dy minne tiid.

Prachtich baentsje hie sa'n slokjeforkeaper oars. Hy koe 't hoasfuotling ôflizze en in swiet praetsje der by hâlde: wie 't net in heareneintsjelibben? Mar né, Sjoerd Bloksma woe net; der wie hwat fan útlekke: Sjoerd wie „fyn” wurden yn dy tiid. Dan mei dit net en dan mei dat net!

Dy finans jowt jo oars al hwat! Kin je net fan libje. Hy, boer Evelsma sil 't yn elk gefal wol net yn 'e plasse helje en wurdt fyn. Goed ite en drinke en elk sines jaen op 'e tiid, hwat wol in minske mear? En hie Sjoerd in tapkeammerke krige en in slokje forkoft, dat hie dochs earlik west, net?

En nou, hwat hat er nou? Thús in lyts winkeltsje mei hwat snypsnaren, en nou kin hy mei de hounewein der op út, trijeris wyks hinne en wer nei Dokkum, moaije baen, hear! Dan binne jo al fier hinne kommen!

Under boer Evelsma syn stichtlike oertinking ta nut fan de karrider is Sjoerd al wer in setsje op reis. 't Giet maklik sa: hy hat trije stevige hounen foar de karre, dy lûke dat de tonge har ta de bek úthinget, hy soe wol in eintsje yn 'e karre sitte kinne, mar dêr is 't rom kâldernôch foar. It is in snuver dit ein each yn 'e wyn op, strak kriget er mear sydwyn, dan sil 't better wurde. De wyn hellet oan, der sit fêst froast of snie yn 'e loft.

Kom, dêr net al to folle oer stinne: syn dei sil goed wurde. It is hjoed de Sneone foar Krysttyd, hy hat gâns bistel út it doarp mei weikrige en ûnderweis moast er hast op elke boerepleats of gerniersspul oankomme. En dat seit hwat: hy hat yn dizze kontreien in houneweinrit ynlein fan twa ûren geans, de nije wei del. Hy hat joun fêst de karre fol guod, pakjes foar in stûr en foar in dûbeltsje, ja der sil in inkeld by wêze dêr't hy trije stûren foar rekkenje moat, minsken, hwat sil hy joun mei in jild thúskomme! Dit wurdt foar him in goede Krysttyd. En hy is tankber. Bynammen tankber oan Him Dy't syn lot en wegen laet hat. Dat hie him altyd net like wolgefallich west, mar as men efter de dingen stiet, bigrypt men se op 't bêst. Ja, God hie it goed mei him makke.

Sa karket Sjoerd yn 'e koarte dampige winterdei nei Dokkum ta, wylst de wyn almar oanhellet. Soms skuort de damp efkes útinoar en in kâlde sinne jowt in gril ljocht oer 'e deade lannen. Yn 'e sleat by de wei lâns slane de reiden fûl risseljend tsjin elkoar oan.

De winkellju yn Dokkum hawwe it hjoed fleanende drok. Mar in karrieder steane hja earst to wurd, dat Sjoerd is net sa let ré. Dochs bigjint it al to skimerjen ear't er ta de Ealsumer poarte útrydt.

Hy is bliid. Jonge hwat in karfol guod. It sil sa aenstouns wol in snuver wurde, mar hy is op 't lêst ek noch wol in bytsje wyn treast. Syn hounen bigripe it ek. Dy sette de sokken der yn, nou, nou! Hy tinkt ek altyd goed om dy bisten, dat hja kinne de reis wol oan.

Yn 'e fierte sjocht er de pleats dêr't er boer west hat. Hy hat dêr in swiere tiid trochmakke, en hy wie der net foar

birekkene, dat wol er wol wêze; hy hat nou in minne baen, mar lang-en-de-lang sa'n bislûmeringen net as doedestiids. Earst hied er meiholpen om de boel op to krijen, mar doe't er seach dat er sa strielrjocht nei de bidelte gyng, hied er him to war set, mar doe wie der gjin hâlden noch kearen mear oan. Doe't de boel forkoft waerd, hie it spul krekt safolle opbrocht dat er alle gatten stopje koe, mar der wie gjin sint mear foar him sels oersketten. Syn heit wie fan arbeider ôf boer wurden — it wie mei him krekt oarsom gien.

Dochs hie it him de greatste winst oanbrocht. Hy hie yn 'e binearing in skat foun, dy't mear wearde hie as de moaiste buorkerij.

Sjoch, yn 't foarige hied er him ek wol as godstsjinstich foardien, hy gyng trou nei Ealsum nei tsjerke ta, men moast jin Sneins ek ris yn 'e pronk stekke foar in goed doel, dat is in fatsoenlike tradysje, mar it hie by him ek oars neat west as tradysje.

Dat wie him yn 'e tiid fan 'e delfal dúdlik wurden. It ierdske guod kin jin ommers sa maklik ûntfalle, men moat heger en dreger guod bisitte.

En doe't hy de earste Krystdei fan syn earmoed yn tsjerke west hie, hied er ynlik yn him opnommen de hearlikheit fan it Krystevangeelje. Och, it wiene deselde wurden fan altiten oer it berntsje dat ryk wie en earm waerd om ús ryk to meitsjen, mar dy wurden kamen nou yn nije gloede to stean. Dit wie in oare rykdom as wy minsken bisitte en heechhâlde.

Doe wie it frede yn syn herte wurden. Hy koe de dingen fan it libben oars oanfiele, earnstiger en djipper.

O, hy hie syn frou ek sa jerne mei ha wollen op dizze wei, mar har heech herte hie dat opkeard. Fan âlder op âlder wie hja út in âld frysk boerelaech, al de heechheit fan drege foarfaers wie yn har herte gearstringele, en dy krige mei har fal wol in dúst, mar it hie har net útdreaun nei de Heit hjirboppe. Né, wrokkerich droech hja har lot en har man krige meastepart de skuld. H a r famylje hie it wol bolwurke, en hwerom h j a dan net? Hwerom hie Sjoerd syn eagen net goed iepenhawn?

Dit wie foar him de striid yn syn libben. As er bisocht om har op de Godslieding to wizen, dan ketste it op har boereheechheit wer ôf. „D o u moast better oppast ha, dan hiene wy net nei de bidelte gien,” joech se him dan to hâlden, en hy



fielde dat der ek in stik wierheit yn dat sizzen lei. Hy hie net gewykst genôch west, en dat die him nou noch alle dagen sear. Lokkich dat hja in fikse dochter yn 'e hûs hawwe, dy't thús de saek goed op 'e kluten hâldt. En ek noch jonge wille yn 'e hûs bringt.

Under soksoarte prakkesaesjes reizget Sjoerd de wei lâns, wylst altomets de hounen in oanpuonning krije: „Foart Pluto! Bruno net sa kringe!”

In bytsje selsbimoediging komt foar it himpene mantsje wierliken net fan ûnpas. Hwant hy hat it earste ein skean yn 'e wyn op, en dy hat frijhwat oanhelle, towylst it friest dat it ongelet. Hy lûkt him dan ek hwat langer hwat steviger yn syn âld rydjas, knoopt in hoarntou om 'e mul, en bynt in blaubidrukke doek om syn pet mei earlappen dat dy him stiif om 'e holle komt to sitten.

Heftiger wurdt de wyn. De reiden yn 'e sleat slane wyld hinne en wer, ûnder oan elke reidpylk is in kûgel iis fêstferzen, en by it weagjen fan it wetter dosse dy iisbakkerts ratteljend tsjin elkoarren oan. Poe, winter hear!

Hastich jowt er by de iensume huzen syn boadskippen oer, bliest yn 'e hannen en lit de stûren en dûbeltsjes yn syn âld pong glide.

Moai, dêr is de hoeke! Nou hat er flak foar 't lapke. „Fuort hountjes!” Bruno c.s. fornimme ek dat sy it makliker krige hawwe en hja sette de sokken der yn. Sjoerd mei syn koarte skonkjes kin hast sokke lange trêdden net meitsje dat er bybliuwt. Wacht, tinkt er, ik kin 't makliker krije. Ik hoech net to skouwen, de wyn docht myn part wol! Lit my leaver yn 'e karre sitten gean, it duorret noch wol in kertier ear't ik wer in klant krij.

Dêr sit de baes yn 'e karre. De hannen hat er fan wjersiden útstutsen dat syn opsteapele doazen gjin rare tommelingen úthelje sille.

Jonge, hwat sit dat noflik yn 'e smoute — ûnder it karrekleed. En hy dreamt al fan 'e waarme kachel dêr't er sa aenstouns syn forklomme skonken omhinne slaen sil. Syn dochter sil him wol lekker read stoke. As er dat bern net hie!

Dêr hommels, ja, hoe gyng it sa gau? dêr kaem in wynskuor ûnder syn kleed, yn ien smet wurdt de karre opnommen en komt er yn 'e djippe Langesleat tolânne.

In needgjalp: „Help!”

Sjoerd skommelet yn 'e doazen en pakjes om, dy't oer en om him hinne tommelje. Hysels fielt de pimpering fan it iiskâlde wetter oer syn hiele lea. Hy forwart him mei hannen en fuotten. Nei de wâl! Dat is syn bihâld. Lokkich, dêr is er der!

Mar dêr is 't net goed mei. Syn hounen!

Hy lit him wer by de wâl delglide. Oan 't boarst ta stiet er yn it izige wetter. Wyld wrot en skuort er mei karre en sylbeage om. Hy hellet it knyft út 'e bûse en snijt de learen troch. Moai, ien los! Dy libbet, klaut by de wâl op, is rêdden! Nou fierder, nûmer twa, mar it is tolet, dy is smoard mei de smet en mei de trêdde is 't krekt en allyk. Dea, neat mear oan to dwaen, och dy earne bisten!

Nou der sels mar wer út. Hy fielt hoe't de kjeld him yn alles oplûkt. Dêr stiet er rydboskjend, klappertoskjend. O, dat skoandere guod! Alles dweiltrochwiet, it measte foargoed bi-doarn. En dat nou krekt foar Krysttyd! Syn skoandere for-sjinst! En dan syn klanten!

Mar hy kin hjir net steanbliuwe. Dan soed er it noch bi-stjerre. Hy kroasket nei Wynsma's pleats. Forslein sjogge de minsken nei de wiete bisiter, dy't op houtene wize forslach docht fan syn ûngelok.

„Mar gau nei 't fjûrherntsje en dêr de boel út! Hjir is droech guod fan 'e mânlju. Nim it mar mei!” De boerinne dy't yn 'e gauwichheit kriget hwat foar de hân leit, triuwt Sjoerd suver toplak.

De mânlju helje de libbene houn yn 'e skuorre en goaije him in âld kouwede oer 'e bealch. Dan geane hja by it skimmerljocht fan in stâllantearne nei de Langesleat. Hja hise de karre by de wâl op en bigripe dat der fan de ytbre waer net folle to rêdden is. Alles is trochwjekke, koeke en oaljekoeken, thê en rys en sûker, it is ien kletse klompe wurden. En fansels leit der ek noch in aerdich poarsje op 'e boom fan 'e sleat.

Hoe moat men dêr mei oan?

De boer wit ried. De karre komt yn 'e skuorre, de houn dy't him lekker ûnder it waarme kouwede deljown hat, bliuwt fannacht stil op 'e pleats. It hynder komt foar in ierdkarre, de feint sil de forstrûpte karrider nei de buorren bringe. By alle doarren ûnderweis wurdt in koart forslach fan it ûngelok útbrocht.

De lju nimme it ûngelyk op. Forskaten hawwe bigreatsjen mei de bynei forûngelokke karrider, oaren earmoedzje oer

har biskeadige winkelwaren. „Och, dat skoandere guod: en nou krekt foar Krysttyd!” In pear jonge bazen gnyskje: „soa, hat er der ynsitten?” Boer Evelsma grommelet: „dêr ha je 't al mei dy âlde slyksjok! Krekt hwat foar sa'n nûmer om in krûm ûngemak to krijen.”

It is trije ûren oer de gewoane tiid dat Sjoerd thúskomt.

Thús sit Tsjamke to wachtsjen. 't Is wol oardel ûre oer 'e tiid en noch gjin Sjoerd. Soe der hjoed safolle to forstriken wêze?

De klok draeit mar fierder. Hja rint alris hinne en wer. sjocht oer 'e efterdoar. Frijhwat huverich waer, hwat skuort dy wyn om 'e hoeke en slacht de draeier op it hûs kreakerich hinne en wer.

Sokke tiden fielt se hoe't se fan him hâldt. Lit him forsutere wêze, hy docht syn bêst om troch de tiid to kommen. Hja hat wolris hurde wurden sein, wurden dy't him sear dwaen moasten, mar dêr't hy dochs altyd evenredich ûnder bleaun is.

En nou moarn is it Krysttyd. It feest fan it Bern, en de Ingels en eare oan God, mei frede op ierde. Fêst, Sjoerd hat it by de goede ein hawn. Syn rêst is better as har ûnrêst. —

Einlings, dêr is er!

Mar hoe? En yn ien wink sjit it Tsjamke troch de holle: de hounen dea, it fortsjinst wei, de minsken lil. En yn ien klap krije alle goede foarnimmens in fikse knoei. „Hoe koest' der sa by komme en hâldt gjin better stjûr yn 't spul?”

Dy hiele jonne seach se as in tuorre, en hie Ielkje net yn-kommen en mei har fris lûd wer hwat noflikens yn 'e wente brocht, hwa wit hwat der dan noch úthongen hie.

De oare moarns is de wyn aerdich bidarre. Der leit in tin laechje snie. Roazerea komt de sinne yn it Easten op. Kristal glinstert op 'e twigen. Fredich steane de huzen. Sabbath-stilme leit oer it âlde doarp.

De minsken traepje nei tsjerke. In inkeldenien hat it oer Sjoerd syn ûngeloksreis. Lokkich dat de man sels der noch goed fan ûntkommen is.

Dan geane hja it Godshûs yn.

Dûmny, sniewyt âld man bringt it Krystevangeelje. Lyk as hy dat al forskate jierren hjir brochte, mar dochs altiten

wer nij en fris. Master tinkt oan Psalm 92, oer harren dy't yn 'e grysheit noch fruchten drage.

De lju harkje en sjogge. Hja sjogge de hoeders. En it wite ljocht oer 'e fjilden. Mei de Ingels dy't greate Blydskip for-kundigje. En dan it Bern yn 'e krêbbe, mei in oandiene Mem dêrby. Hwant Dûmny skilderet dat allegearre sa moai út.

Dûmny's Juffer hie prottele justerjoun. Dûmny hie har delbêdde, en nou't Juffer Sjoerd dêr sitten sjocht, op it âlde plak, dat hy nou al jierren biset, kin hja net mear stûmje. Hy libbet ommers altiten sa mei, lêst dûmny de wurden fan 'e mûle.

Wis al, Sjoerd sit yn syn biwende hoekje. Hwerom net? Om't hy in ûngelok hawn hat miskien?

Hy is altiten ien fan 'e earsten yn 'e tsjerke. Hy kin hjir sa fredich sitte. Is der noflikker plakje op ierde as yn dizze âlde tsjerke? Hy siket de tekst ris op en slacht de psalm- en ge-sang fersen nei. Mei Romeinske sifers op it greate giele boerd foar yn tsjerke wiene troch Master dy fersen oantsjut. Hwat is it hjir allegear rêstich yn sa'n fromme sfear.

En nou sit Sjoerd to harkjen. Dat fan syn ûngefal piniget him noch wol, bynammen om syn beide smoarde hounen, mar de Krystfrede tilt him boppe de ierdske wederwaerdichheden út. En dat is op syn gesicht wol to lêzen.

Boer Evelsma sit út syn hege, bihoutfike bank wei nei Sjoerd to sjen. Dus, dy is goed fan de slach ûntkommen! En hy sit mar to harkjen. Gjin euvelmoed yn 't libben. Fêst gjin prakkesaesjes oer de skea dy't er sels lit en oaren lije lit. Sa giet it nou altyd mei sokken. It hjit dan ek noch, dat sokke fine lju in swier libben ha. Gjin kwesje fan. Hja geane der mar maklik oer hinne. Sa pas koed er Sjoerd noch klear sjongen hearre, wit-hoe-lûd! Ja toe mar!

Dochs is der hwat yn 'e hâlding fan dat earne mantsje dat him earbiednis ôftwingt. Sjoch, Sjoerd mient it mei syn leauwe, dat stiet foar boer Evelsma fêst. Ja, dan binne der wol oaren.

Dêr sjocht de boer net mis mei. Hwant Sjoerd leaut, echt, oprjocht, lyk as in bern. En sa'n gelove lit him net forsette, ek fan gjin tsjinstuten.

Boer Evelsma mist soks en dat wit er. It hinderet him neat. Och, it Evangeelje is foar de mindere man, dy hat oars dochs net safolle op ierde, dêr't er syn sinnen op sette kin, lit him

him mar in bytsje bliid meitsje mei it moaije fan in takom-mende wrâld, hy as greatboer kriget hjir syn part wol en sil dêr mar fan genietsje: in man fan stân skopt syn eigen paedtsje wol skjîn.

Wis, hy giet nei tsjerke. Dûmny is orthodox, ek al wer goed, moat de man sels witte, mar wie de man liberael, hy soe der like goed hinnegean. Tsjerkegean heart by 't fatsoen, en it sjongen heart wol moai, bynammen nou't it nije oargel, dêr't hy ek syn part ta jown hat, sa flink de sang bihearskje kin.

Dochs bigrypt er, dat Sjoerd hwat fan de preek meinimt, eat dat him yn it libben stipelearret. Mei syn mem hie dat yn it foarige ek sa west. Mar dat is net foar him en hy hat der ek gjin forlet fan. En dochs . . . ! Soe dy sokses fan in Sjoerd karrider, dy earmoedsacijer, dochs noch riker wêze as hy?

Wis, it wie goed om to harkjen nei it Krystevangeelje. Sjoerd syn wiif kaem der ek fan ûnder de bikoaring. Mear as oant nou ta. Hearlik: frede op ierde, frede yn't hert. Gjin sûndetwang, gjin ierdske bislûmering dy't jin nei ûnderen hellet. Boppe it bisleur fan al den dei út om in ljochte himel tinke. „Al wiene jim fan jim sûnden read as skarlekken, jimme sille wyt wurde as pas fallene snie.”

Ja rein lei har âld doarp hjir hinne, moai om yn alles ek sa to wêzen. Dat koe mar allinne sa wêze troch it gelove oan it Bern yn 'e krêbbe. Wis al, it wie wier hwat dûmny sei, ja, dy kant moast it mei har ek út.

Sa kamen de minsken wer út tsjerke en Sjoerd-en-dy sieten yn 'e greate harmonij to kofjedrinken. Hja praetten net folle oer 'e preek, och, dat wiene hja sa net wend, mar it wie dochs oft fielden hja dat hja beide hwat meinommen hiene út tsjerke wei.

Mar doe't it hast iterstiid wie kaem by Tsjamke dochs it hege moed wer efkes boppe.

„Hoe sil it nou?” freget hja mei in binypt gesicht.

„Nou, it komt wol goed.” Sjoerd wol der him ôfmeitsje. Hjoed is it Snein, hjoed is 't Krysttyd; gjin ierdske soargen passe op sa'n dei.

„Hoe goed?” earmoedet hja, „ús skoandere fortsjinst is wei, ik hie der my sa op forgappe det der hwat ekstra's foar ús

oersjitte soe en nou leit alles op 'e boom fan 'e sleat. En ús hounen binne dea. Dearet it dy net oan?"

„Ja wis wol. Mar lit ús dêr hjoed de holle net mei brekke."

„It is mei ús al sa'n soberearderij en nou dit der noch oerhinne!" Hja is der muolik ûnder.

„Ja, fanke, it is wier, dat it in raer ûngelok wie, mar ik koe der net foar. Lit ús dêr nou net to slim oer tinke; alles wurdt op 't lêst fan Hegerhân bistjûrd. Lit ús de segen fan de preek net al to folle bidjerre."

„Och né, dat sil sa wol wêze, mar altyd sa op reapsein to sitten en dan dit der noch oerhinne, men kin op sa'n manear nea net by de wâl opklauwe." Och, hja wol gjin bilies jaen, hoewol't hja oars wol better wit.

Dêr komt Ielkje de doar yn, fleurich en wol. Hja wit wol hoe'n swiere mûtse mem gewoanliken op hat en bigjint dêrom mar hwat doarpsnijsjes út to mjitten. Yn 't earstoan kin der mei mem net in glimke ôf, mar stadichoan saksearret it slimste hwat, en as Ielkje in teltsje docht oer ien fan har kammeratskes dy't in domme feint ôfstegere hat, harket mem mei sawn pear earen.

Iterstiid is it frede.

De Tiisdeis nei Krysttyd waerd der kollektearre troch it doarp. Hwa't krekt op it idé kommen wie, wie net út to meitsjen, mar it foel yn goede ierde. Jonge ja, it wie ommers ek sa, dy Sjoerd, nou ja, hy mocht yn 't foarige de boel troch de ruten smiten ha, wie dochs net sa'n minne keardel, dy moast wer op gleed holpen wurde. In bytsje eigenbaet wie der ek wol mei mank, hwant hwat wie yn dy tiid in doarp sûnder karrider? Wolnou, dan moast de man ommers wer in pear hounen hawwe. En as der mooglik hwat oerskeat, wolnou, lit him dat dan oansjen foar in forgoeding fan it fortsjinst, dat yn 'e Langesleat hingjen bleaun wie.

Boer Evelsma joech in ryksdaelder. Och dy slyksjok, nou toe dan mar.

Der kamen wer in pear hounen. Guods dy't lûke koene, net minder as Bello en Pluto. En doe't er it jild oertelde, hold er mear oer as de hiele fortsjinst fan syn Krysttydreize him oars opbrocht hie.

„Sjochst' wol fanke," sei er tsjin syn wiif, „der is Ien dy't it goed mei ús makket. Lit ús dêr tankber foar wêze."

Der glinstere hwat yn Tsjamke eagen. Har man hie it dochs by it goede ein hawn. Och ja! Hja woe ek wol oars, mar jonge, der is altyd sa'n bulte dat jin opkeart.

Sjoerd koe fornimme dat sûnt dy tiid it wiif better yn 'e foegen bliuwe woe. Né, net altiten, it hege moed kaem ek wol wer ris boppe, mar it wie har ynmoed om him wer to bijegenjen lyk as yn 'e earste tiid fan har trouwen.

Hy tanke. Der is dochs Ien, Dy't altiten om jin tinkt, ek yn need en ûngefal.

Dochs gyngen by dat plak fan 'e Langesleat, dêr't hy der yn sitten hie, de kâlde grillen him gauris oer 'e lea. Hwant sa'n reis hâldt men hwat fan oer.

O, triljend hie hja 't nijs fornommen;
It rúsde oer fjild en wiid en wâl:
„It lang foarseine heil is kommen,
Messias leit dêr yn in stâl!”

Dêr wiene wize kenings kommen
Fier út it wazige Easterlân;
Hja hie har sjoen, de hege frommen
Mei goud en wijreek yn 'e hân.

En dan de harders! wis, dy hiene
Ien fan har bêste lammen brocht;
O, as der nou mar blommen wiene!
Hoe graech hie hja de moaiste socht!

„Och, sette wer de Sudersinne
Sa berch as dal yn nije glâns;
Hoe frissle ik dan de Saronroazen
Dy't as de balsems geurje kinne
Dat berntsje ta in carekrâns.

„Mar nou, nou is de winter harren
Mei kjeld en snie en hurde groun;
Gjin leeljes bloeije 'er yn 'e delten,
It lêste sprútsje leit fortoarre
En nearne wurdt ien blomke foun.”

Sa stiet se yn 'e barm to skriemen
En trolle treastleas mei har klean,
Hja koe dochs net mei lege hannen
Nei dizze hege Kening gean.

Fanke, hwat skriemste? 't Bliid boadskip is kommen!
Hast' net de spraek fan 'e himel fornommen?
Eare oan 'e Heare Dy't Isrel bisocht,
Frede en bihagen, oer minsken it ljocht!”

Kjel en forheard sjocht Salome omhegen:
Leit yn dy wurden gjin winsk'like segen?
Stiet hjir gjin boade mei 'n glâns yn syn each
Lyk hja noch nooit by in minskebern seach?

't Andert is skriemend: „It docht my sa sear,
'k Woe ek sa graech nei dat Bern fan 'e Hear,
Mar 't mei net wêze, 'k haw neat om to jaen,
Gjin blomke noch strûkje: hwat moat ik dan dwaen?”

En mei snokkerjende stimme
Seit Salome dizze man
Hwat se fan de harders hearde,
Fan har winsken en har plan:
„O dy harder wie sa'n stûfen,
Tryst en dûnker stie syn each
Mar hy is mei hannen omset
Sont hy de Messias seach;
Ik woe graech ek deugdsum wêze
Mocht ik mar dat Berntsje sjen.”
„Kom mar mei,” sprekt nou de frjemdling,
„Ik wit roazen foar dat bern.”

Gau ha hja in sinnich plakje
Tusken hurde rotsen foun;
Mei syn gongelstôk bitaest er
Nou de hurdbiferzen groun.
Dêr, o wûnder fan 'e himel!
Foar har flûnkrjende eagen sprút
Ta de groun in eale stamroas
Mei de reinste blommen út.

Optein stiet it fromme fanke
By dy skatten wyt en fris;
En — hja sjocht dat dizze frjemdling
Sels in hillige Ingel is.
„Bring dy nei Messias, fanke,
Ljocht binne s' as de maitydsmoarn;
Hwant in stjir is elke blomme,
Elke stjir in earekroan.

Ploaitsje dy en jow se 't berntsje;
Sa meist' oan dyn winsk foldwaen,
Mar dû moatst yn letter jierren
Him noch heger skatten jaen.”

En de swietste geuren sweevje
't Biddend fanke yn 'e noas;
Dizze blommen bloeije blanker
As de keinste Saronsroas;
En it berntsje knibbelt hoeden,
Ploaitst foarsichtich, ien foar ien;
Frisselt har dan ta in krânse
Op in strûk fan dûnkererien.

By de yngong, dêr stie hja, mei freezjen yn 't hert,
Noch altyd bigrypt se dit wûnder net.
Dochs! dêr is de stâl en de krêbbe en de Mem,
En dêr yn doeken, o dêr sjocht se Him!

Marije forwolkomt it bern by har Soan;
Salome biedt skrutten har skatten Him oan;
Hja leit se dêr deun by Syn hillige lea,
En triuwt se yn Syn hantsjes sa fris en sa rea.

De himelske glâns út it each fan dat Bern
Is sels oer de kleur fan dy roazen to sjen,
Wjerspeeglet him djip yn in herte sa bliid;
Hja stiet en oanbidt, en hja tinkt oan gjin tiid.

Der giet in fanke yn frede,
Yn frede troch in dal
Mei 'n hert fol Godsgenede
Mei 'n siel fol jubelskal,
Hwant mei in bliid ûnthjitten
Mei sij dêr hinnegean;
Strak docht se 't elk to witten
Elk moat dit heil forstean.

„'k Sil al myn kammeraetskes
Fortelle fan dit Ljocht
Fan hearlikheit en roazen
Dy't my in Ingel brocht;

En hoe't ik 't Bern foreare
Mei 'n wite blommeskat,
Hwant heilich is de Heare
En great is Isrels God.

Yn hâlden en yn dragen
Wol ik as de Ingel dwaen,
Dan mei 'k yn letter dagen
Noch greater skatten jaen."

(Nei in âlde leginde).

DE STJER FAN BETHLEHEM *A. M. Wybenga*

Hja siet sa stil to harkjen
Nei 't âld en moai forhael;
Hwat wie 't dêr goed en fredich
Yn 't ljocht en smûk lokael.

Och, thús wie 't altyd lijen,
In libben rûch en mâl,
En hjir — dat blide tinken
Oan 't berntsje yn in stâl.

En hoe't der harders kamen
En hoe't hja knibb'len dêr,
En hoe't der Wizen reizgen
Op 't skynsel fan in stjer.

't Bern siet sa stil to stoarjen
En doe't men Amen sei,
Doe koe se hast net skiede
Sa dreamde hja noch nei.

Hja kaem wer op 'e strjitte
De loft wie heech en fyn,
En tûzen stjerren bloeiden
Dêr as Gods blommen yn.

Hja tocht: en hokker is nou
De stjer fan Bethlehem?
Dan koe ik Jezus fine
Dan knibble ik ek foar Him.

Sa roun hja yn 'e mimer
Oer wûndre dingen wei;
En hwat der om har foarfoel
Fornaem se neat mear nei.

En doe't har lyts freondintsje
Har by har went forliet,
Doe rûsde 'r yn har earen
Noch klank fan ingeleliet.

Bliid seach hja nei de stjerren
Dêr yn har hege steat. —
— In auto om de hoeke
Kaem oan yn folle feart.

Ién skok, ién gjalp en de auto
Wie oer har hinnegien;
In sé fan stjerren spatte
Der foar har each útien.

Mar 't bern dêr oer 'e strjitte
Wie net op de ierde mear,
Hwant tûzen ingels brochten
Har nei ús leaven Hear.

Nou geane ús blide tinzen,
Al op in Inglestim,
Oer sé en fiere grinzen
Nei 't ljocht fan Bethlehem;
Alle eare oan God by 't wûnder
Fan 't lang foarseine Bern;
In tsjustere ieu giet ûnder
Wy meije ús Heilân sjen.

Leit de ierde ek stil to sliepen,
De stjirren riizje yn pracht;
De himel giet ús iepen
Yn 't liet fan: stille nacht;
Sa geane dûnkre dagen
Wer oer yn ljochter tiid.
„Yn minsken wolbihagen,”
It stimt ús stil en bliid.

En alle klokken liede
Oer 't hoare winterfjild,
Omdat it: frede op ierde
Foar 't sûndich skepsel jildt.
Sa hawwe wy to kommen
En nei dat Bern to gean
Yn rige mei de frommen;
Wy sille 't heil forstean.
